

## Les 2

### 2.1. Stavering

*Underwiislearmiddels*: sjoch les 1.

#### 2.1.1. Opdracht

Besykje om sûnder boarnen de neikommende wurden goed te staverjen troch de folgjende letters (bylûden) yn te foljen: *g/ch; gg/ch; k/kw/ks*.

- |                                   |                              |
|-----------------------------------|------------------------------|
| 1. ...raa...                      | 11. ik hoe... (notiid)       |
| 2. ...emys...                     | 12. ik hoe...de (doetiid)    |
| 3. bar...je (tiidwurd/ferbum)     | 13. ik haw hoe...d (mulwurd) |
| 4. rê...                          | 14. bi...en                  |
| 5. ûndraa...lik                   | 15. gû...elje                |
| 6. moo...lik                      | 16. ...afee                  |
| 7. bar...je (haadwurd/substantyf) | 17. ...oalera                |
| 8. deu...d                        | 18. ...rysant                |
| 9. bû...berens                    | 19. molk...otum              |
| 10. ûntsa...lik                   | 20. e...ekúsje               |

As der flaters yn sitte, pak dan it twadde en tredde haadstik fan *Stavering* derby en lês dat noch efkes troch. Ferbetterje de flaters.

#### 2.1.2. Staveringsregels

Tink yn it Frysk om de folgjende regels:

- De *c*, útspraak [k], wurdt stavere mei *k*: *kaktus, eklatant*.
- De kombinaasje *cu* (yn *cuisinier*) wurdt stavere as *kw*: *kwisinier* (= útstjoerkok).
- De kombinaasje *cc*, útspraak [ks] wurdt stavere as *ks*: *aksint, akseptabel*.
- De kombinaasje *ch*, dy't útsprutsen wurdt as [g] of [k] wurdt stavere mei *g* of *k*, al neffens de útspraak: *gaos, gemy, gloar; kristlik, kronikeur*.
- Yn guon wurden mei *ch* is mear as ien útspraak gongber: [g] neist [k] en [g] neist [sj]. Yn dy gefallen binne dus ek twa staverings mooglik: *groanysk/kroanysk; argitekt/arsjitekt*.
- Soms wurdt de *ch* mei *sj* of *s* skreaun, al neffens de útspraak: *S(j)inees, s(j)irurch*. In útsûndering is: *orchidee*.
- De kombinaasje *qu* wurdt stavere as *k* of as *kw*, al neffens de útspraak: *karantêne, konkoers hippyk; ek(w)ipaazje* (= útris, rydtúch mei alles derop en deroan [hynders, feinten], *reisútrissing, skipsbemanning, kwadrageen* (= perioade fan 40 dagen; boetedwaning fan 40 dagen).
- De *x* wurdt stavere as *ks*: *aksioma, bauksyt, eksakt*.

Yn it algemien ferfalle oerstallige dûbel(d)e bylûdtekens, lykas de *c* of *ss*: *akwisiteur, eksepsje, ekserpearje; presje*.

#### 2.1.3. Opdracht

Folje no (thús) mei help fan boppesteande regels de folgjende letters yn: *g/ch; gg/ch; k/kk/kw/ks*.

- |                              |                         |
|------------------------------|-------------------------|
| 1. ...olestorol              | 11. e...intryk          |
| 2. ar...aysk                 | 12. ri...el             |
| 3. ...ritearium              | 13. ...limaks           |
| 4. ...orrektrise             | 14. sjirur...           |
| 5. a...syns                  | 15. ...oreograaf        |
| 6. po...e (twa mooglikheden) | 16. ...room             |
| 7. ...isinier                | 17. ...yt ('quitte')    |
| 8. a...sidinteel             | 18. sea...je (tiidwurd) |
| 9. a...oart (betsjutting?)   | 19. sea...je (haadwurd) |
| 10. a...oard (betsjutting?)  | 20. bedra...en          |

De goede foarms binne te finen yn *Stavering* en de *Nije list fan frjemde wurden* (tenei ek wol: *Nije list*). Sykje de goede foarm op as jo net wis binne.

## 2.2. Tiidwurden

*Underwiislearmiddels*: sjoch les 1.

It Frysk hat in skift *swakke* tiidwurden mei lûdwiksel. Dat skift kin ek wer op *-je* of *-e* útgean yn de ynfinityf.

It Frysk hat ek *sterke* tiidwurden. Dy ûnderskiede har troch lûdwiksel yn de stam fan de doetiid en it mulwurd. It mulwurd giet út op *-n* of *-en* hat net altiten lûdwiksel. Sjoch oer de bûging fan *regelmjittige* en *ûnregelmjittige* tiidwurden *Tiidwurden* (s. 15-21).

### 2.2.1. Tiidwurde-opdracht

Ferbûgje ris de tiidwurden *liede*, *bliede* en *rêde* (notiid, doetiid, mulwurd; earste, twadde en tredde persoan, iental en meartal). Wêr giet it mulwurd op út? Wat is der oan 'e hân mei *liede*?

Ferbûgje no ris de swakke tiidwurden *laitsje*, *meitsje*, *reitsje* (notiid, doetiid, mulwurd; alle persoanen, iental en meartal). Wêr giet it mulwurd op út?

Ferbûgje lykas boppe de sterke tiidwurden *rinne*, *ride*, *fine* en *slute*. By hokfoar tiidwurd hat de *doetiid* en it *mulwurd* itselde lûd? By hokfoar tiidwurd hat *notiid* en *mulwurd* itselde lûd? Hokfoar tiidwurd hat *trije* ferskillende lûden?

Lês by swierrichheden *Tiidwurden* (ynlieding en alfabetyske list) ris troch.

Skriuw (thús) út 'e holle de *notiid*, *doetiid* en it *mulwurd* (gjin net-lûdwikseljende, swakke farianten) op fan: *lije*, *briede*, *koaitsje*, *smeitsje*, *spriede*, *weitsje*, *feie*, *skiede*, *stjitte* en *jeie*.

Ferlykje de eigen ferbûging mei dy yn de *alfabetyske list* fan *Tiidwurden* (s. 35-69) en de *Beknopte Friese vormleer* (s. 54-71). Yn beide boarnen binne alle oanbelangjende foarms te finen.

## 2.3. Taalregels en taaleigen

*Underwiislearmiddels*: sjoch les 1.

### 2.3.1. Ferlytsingswurden

Ferlytsingsútgingen meitsje in wurd ta in *it*-wurd. Dy regel jildt ek foar eigennammen as dy útgong mar sa út en troch brûkt wurdt: *it earne Piterke*. Eigennammen dy't al fan âlds dy útgong hawwe, binne dochs *de*-wurden, bgl. *dy lange Jentsje*; *it is deselde Ytsje net mear*.

Yn it Frysk hawwe wy de útgongen: *-ke*, *-je*, *-sje* en *-tsje*. Hokfoar útgong oft brûkt wurde moat, hinget ôf fan de lêste klank fan it grûnwurd.

1. In mannich foarbylden mei *-ke*: *tobke*, *terpke*, *beamke*, *ferfke*, *doarke*, *jaske*, *bedriuwke*, *seeke*, *buroke*, *truike*, *kamerake*. Wy brûke dus *-ke* as it grûnwurd útgiet op *b*, *p*, *m*, *f* (*ve*), *r*, *s*, *w/we* en in *lûd*.

2. In nustke foarbylden mei *-je*: *eachje*, *brochje* (de toanswakke *e* fan brogge falt wei foar in ferlytsingsútgong), *pakje*, *dinkje*, *tonkje*. Wy brûke dus *-je* as it wurd útgiet op *ch*, *k*, *ng* (*ge* wurdt *k* en *g* wurdt *k*).

3. In pear foarbylden op *-tsje*: *hantsje*, *sintsje* (de toanswakke *e* fan sinne falt wei); *baltsje*, *roltsje*. Wy brûke dus *-tsje* as it grûnwurd útgiet op *n* of *l*.

4. Inkelde foarbylden op *-sje*: *paadsje*, *buordsje*, *potsje*, *katsje*, *Tetsje*. It grûnwurd giet no út op *d* of *t*.

5. As yn it ferlytsingswurd de slot-*t* fan it grûnwurd net sein wurdt, is de útgong meastentiids net *-sje* mar *-ke*: *kast* - *kastke* (heart as *jaske*), *nêst* - *nestke*, *list* - *listke*. De foarms op *-ke* wurde bedrige troch de wjergera op *-je* yn it Hollânsk: *kastje*, *nestje*.

### 2.3.2. Opdracht ferlytsingswurden

1. Betink sels ris in stikmannich oare ferlytsingswurden dy't op *-ke* útgean kinne (skift 1; sjoch ek ris yn it *Omkearwurdboek fan de Fryske Taal*, Ljouwert: FA, 1992).

2. Betink ris ferlytsingswurden dy't útgeane op *-je*, *-tsje* en *-sje* (de skiften 2, 3 en 4; ferl. it *Omkearwurdboek*).

3. Hokfoar ferlytsingsútgingen jout WB-I fan: *kamera, kollega, twa; auto, buro, kado, foto, do; paraplu; bui, tui; wei, dei, blei; sie; greau; kou(we); knoei; koai; boi, buoi; muoi?* Wat kin der konkludearre wurde oer de help dy't WB-I ús biedt? Hokfoar standertfariant soene jo yn jo teksten brûke wolle as WB-I in útgong op *-ke* en op *-tsje* jout? Wêrom? Spilet der ek in *ideologysk* motyf (distânsje hâlde mei it Hollânsk) mei?

4. Hokfoar ferlytsingsútging soene jo yn jo teksten foar kar nimme by *kast, nêst, list, nust, bist, kiste, boarst?* Wêrom?

### 2.3.3. Noarm en standert

Oer noarm en standert wurdt de lêste jierren mear skreaun en wreaun as alearen. Grif hat dat (ek) te krijen mei it (mear) brûken fan it Frysk yn domeinen dêr't dat earder net of minder it gefal wie. Yn dy situaasjes moatte net allinnich de fan-hûs-út Frysktaligen har goed mei it Frysk rêde kinne, mar ek de fan-hûs-út net-Frysktaligen. It learen fan it Frysk kriget dan faker it karakter fan twaddetaalûnderwiis en soms sels fan frjemdetaalûnderwiis.

Om it Frysk goed leare en brûke te kinnen, is it net allinnich handich en effisjint om te witten wat as goed Frysk beskôge wurde moat, mar ek watfoar Frysk oft it bêste as standertfoarm brûkt wurde kin yn jins teksten. Spitigernôch is dat (noch) net altyd goed fêstlein. It Frysk is fandatoangeande (noch) gjin goed standerdisearre kultuertaal. It draacht bytiden sterk de spoaren fan in folkstaal. It Frysk nimt sadwaande eins in soarte fan tuskenposysje yn tusken folks- en kultuertaal.

Yn in folkstaal binne ûnderskate farianten neistinoar gongber. Yn sa'n situaasje wit de learder en brûker net hokfoar dialektfariant oft de bêste standertfariant is en ek net hokfoar ynslûpsels út oare talen, mar benammen út it Hollânsk, oft it bêste út de standert keard wurde kinne. De lêzers fan Frysktalige literatuer en de brûkers fan Frysktalige learmiddels wurde konfrontearre mei gâns wyldgroei op it stik fan farianten en ynterferinsjes. Dat soks it oaneigeningsproses en it yn jins wurk flot skriuwen fan it Frysk net befoarderet, leit foar de hân. It seit himsels dat de rop om dêr in konsistintere, konsekwintere en mear spjaltende noarm foar te ûntwikkeljen, dan lûder wurdt. Ommers: wat faker oft men in foarm tsjinkomt, wat earder oft men dy sels ek brûke kin en grif ek brûkt.

De beide hânwurdboeken fan de Fryske Akademy út 1984 en 1985 kinne jin in ein op streek helpe as it giet om de fraach oft ynterferinsjes út in oare taal, benammen hollânismen, hjoed de dei al of net ta (de noarm fan) it Frysk rekkene wurde. As dy foarms der net ynsteane (bygelyks *froeger* en *ûngefear*), dan kin men se mar better mijne. En by it jaan fan in foarkar oan beskate dialektfarianten kinne beide boarnen jin yn aardich wat gefallen ek gerive. Yn guon oare gefallen bliuwt de twivel lykwols bestean.

In foarbyldsje: as men yn WB-I it lemma (stekwurd) *rjocht* opsiket, dan wurdt der op wiisd dat de fariant *rjucht* ek bestiet (s. 823), dy't deselde betsjutting hat en yn ien letter/lûd ferskilt fan *rjocht*. Beide farianten falle dus blykber binnen de noarm fan it Frysk. Foar in standert is dat yn sa'n gefal almeast tefolle ferskaat. Men kin beide foarms dochs net tagelyk skriuwe yn in tekst en ôfwikseling fan beide farianten yn deselde tekst hat ek gjin doel. Men moat hoe dan ek kieze. As men dat kiezen makliker meitsje wol, dan moat ien fan beide foarms dus de foarkar krije. Yn WB-I fine wy by *rjucht* allinnich in ferwizing nei it lemma *rjocht* en gjin ynhâldlike ynformaasje. Yn it artikel dat ûnder it stekwurd *rjocht* te finen is, stiet alle ynformaasje oer it oanbelangjende begryp. It liket der dus sterk op dat de gearstalders fan WB-I in (goede?) reden hân hawwe om dat by *rjocht* te dwaan en net by *rjucht*. Foar ien dy't Standertfrysk skriuwe wol, kin dat dan wer in oanwizing wêze om oan *rjocht* de foarkar te jaan boppe *rjucht*.

Yn WB-II wurdt *rjocht* as earste fariant neamd en *rjucht* as twadde. Wy fine by de Fryske wjergaders fan 'recht' dus gjin tsjinstridichheden tusken beide boarnen. De wurdboekkar wurdt lykwols net dúdlik eksplisitearre en beide boarnen binne lang net altyd mei-inoar yn 't lyk. Dat kin ûnderwiiskundige en ideologyske problemen jaan. Salang't de Fryske *oerheid* dêr net, lykas by de stavering, stjoering oan jout, sille wy dêrmei leare moatte te libjen en sels goede útgongspunten sykje moatte om foarms al of net te skriuwen yn de eigen teksten.

### 2.3.4. Utgongspunten foar in Fryske standert

De útgongspunten foar in Fryske standert soene der wat ús oanbelanget, sa útsjen kinne:

1. Wat Nijfrysk is, is te finen yn de skriftlike boarnen fan 1800 ôf.

2. De skriftlike foarm fan dat Frysk falt ûnder de noarm fan it Frysk as dy opnommen is yn it sammelmateriaal fan de Fryske Akademy of dêryn opnommen wurde sil, bygelyks omdat dy foarm yn de folkstaal libbet, as in geve en akseptabele foarm beskôge wurdt en oant dan ta net opmurken is troch de leksikografen fan de wurdboekstêf.

3. De noarm fan it Standertfrysk wurdt helle út WB-I en II en oanfoljende wurdlisten fan de Fryske Akademy (bygelyks dy foar frjemde wurden, offisjeel ferkear of beskate fakgebieten). Foar tiidwurden en de foarnaamste

syntaksisregels wurdt dy noarm helle út *Tiidwurden* (Afûk). De mear spesifike syntaksisregels komme út oare fakliteratuer (bgl. grammatika's). As standertfoarm foar de tiidwurden jildt de foarkarsfoarm dy't yn *Tiidwurden* oanjûn wurdt (ferl. s. 34-69).

4. Njonken gâns gongbere Fryske wurden komme yn 'e skreaune taal dúdlike ynterferinsjegefallen (almeast hollânismen) foar mei deselde betsjutting. Yn sokke gefallen is de Fryskeigen foarm as regel de standertnoarm. Dy standertnoarm is faak al te finen yn WB-I, omdat de ynterferinsjefoarm net opnommen is: sa is bygelyks *beskút* net opnommen en *bak* wol.

a. As de ynterferinsjefoarm al opnommen is, ferwiist dy foarm almeast allinnich nei de Fryske(re) fariant: sa wurdt bygelyks by *oait* ferwiisd nei *ea* (en by *ea* stiet: 'Ook *oait*'). By *ea* is dan de ynhâld fan it artikel te finen. *Ea* is no de standertfariant.

b. As de Fryske foarm en de ynterferinsjefoarm beide yn it WB-I foarkomme, sûnder dat ferwiisd wurdt, dan is de standertnoarm net oan te jaan. Yn dy gefallen wurde beide farianten as standertnoarm beskôge, mar is der in foarkar foar de Fryske(re) foarm.

c. As njonken in ynterferinsjefoarm noch gjin Fryske wjergader brûkt wurdt of útsteld is, wurdt in nije Fryske wjergader, foarsafier't dy logysk past yn it hjoeddeiske Fryske taalsysteem, as standertnoarm nei foaren skood. Salang't dêr noch gjin útstel oer is, wurdt, foarsafier't dat mooglik is, de ynterferinsje mijd.

d. Skriftlike wurdfoarms dy't de lêste 25 jier net mear gongber binne, wylst ek de mûnlinge wjergader sûnt dy tiid net mear brûkt wurdt, wurde as argaysk beskôge. Foarkarsfoarms binne yn sokke gefallen alderearst oare Fryske foarms mei deselde betsjutting dy't net argaysk binne. Bestiet der gjin Fryske foarm mei deselde betsjutting, mar allinnich in ynterferinsje, dan kriget dy ynterferinsje as regel de foarkar: bygelyks net it argaïsme *jit(te)*, mar de ynterferinsje *noch*.

5. Reduksje fan farianten op morfologysk en leksikaal mêd is yn guon gefallen ek goed mooglik.

a. Yn wurden dy't einigje op *-ing* wurdt de foarkar jûn oan de meartalsfoarm op *-s*: gearstallings, taljochtings. By foarms dy't libbene wêzens oantsjutte en útgeane op *-ling* is dy distânsje mei Hollânske foarms almeast net mooglik yn it Frysk en bliuwt de meartalsfoarm op *-en* de standertfariant: *ellindelingen*, *learlingen*, *âlderlingen*.

b. In fermindering fan meartalsútgingen is ek mooglik as der útgongen wurdt fan de regel dat yn it Frysk de wurden op [ə] in meartal op *-en* krije: *pake(n)*, *beppe(n)*, *binde(n)*, *sykte(n)*, *gûne(n)*, *mûne(n)/mole(n)*, *romte(n)*, *fitamine(n)*, *masine(n)*, *gemeente(n)*, *prinsipe(n)*, *kassette(n)*, *rûte(n)*, *opname(n)*, *ûnfoldwaande(n)*, *analyze(n)*, *attitude(n)*, *besite(n)*, *boade(n)*, *boete(n)*, *detektive(n)*, *enkête(n)*, *fakatuere(n)*, *fedette(n)*, *finale(n)*, *halte(n)*, *holte(n)*, *kollekte(n)*, *karriêre(n)*, *kazerne(n)*, *lakune(n)*, *makette(n)*, *offerte(n)*, *progenoaze(n)*, *type(n)*, *salade(n)*. Dy foarms binne de standertfoarms (sjoch ek ris by it stekwurd 'meartal' yn *Mei freonlike groetnis*, s. 79).

c. By in reduksje fan frjemde wurden dy't op *-or/-er* útgeane, wurdt de standertnoarm it Fryskeigen meartal op *-s*: *motors* (en net: *motoaren*, ensfh.), *sektors*, *eksaminators*, *professors*, *radiators*, *dokters*.

d. By fariaasje tusken de ferlytsingsfoarm *-ke* en *-tsje* wurdt it efterheaksel *-ke* as standertnoarm beskôge: *kastke*, *listke*, *truike*, *buroke*, *bekerke*. Alleast as der net dúdlik sprake is fan in argaïsme.

e. By fariaasje tusken *ge-* as foarheaksel en de foarm sûnder *ge-*, wurdt de foarm sûnder *ge-* as standertfoarm beskôge: *tal*, *lok*, *lykweardigens*. Teminsten as de fariant net argaysk is en der gjin ferskil yn betsjutting is.

f. *Folsleine* of *folle* foarms krije de foarkar boppe koartere foarms as dy allegearre binnen de noarm fan goed Frysk falle: ik ha(**w**), wy ha(**wwe**), bedstee(**d**), dûbel(**d**), strún(**d**)er, woastenij(**e**), grip(**er**)ich, strieën(**e**) skonken, de gouden(**e**) brêge, flean(**d**)erich, keningin(**ne**), dûnseres(**se**), groetnis(**se**), abdis(**se**), diz(**en**)ich razernij(**e**), risping(**e**), opljeppen(**d**), mûts(**e**), iepen(**t**)lik, njoggent(**s**)jin(de), dy'tsto (net: dysto), no'tst (net: noost), oftst (net: ofst), ensfh. De folle(re)/langere foarm wurdt as standertfoarm beskôge.

g. De *je*-tiidwurden krije as regel de foarkar boppe de *e*-wjergaders (as der gjin betsjuttingsferskil is): *achtsje* (achte), *bûgje* (bûge), (jin) *bedroevje* (bedroeve), *damje* (damme), *dichtsje* (dichte), *eazgje* (eaze), *ervje* (erve), *ferplichtsje* (ferplichte), *glydzje* (glide), *hakje* (hakke), *kervje* (kerve), *kleurje* (kleure), *moetsje* (moete), *partsje* (parte), ensfh.

h. De *sterke* tiidwurdsfoarm (mei *lûdwiksel*) kriget as regel de foarkar boppe de *swakke* en *net-lûdwikseljende* as beide tastien binne: *ik diek* (dekte), *dreau* (driuwde), *flocht* (flechthe), *hold* (hâlde), *hong* (hinge), *gou* (jilde), *kniep* (knypte), *litte* (lijde), *liek* (like), *preau* (priuwde), *roek* (rûkte), ensfh. (sjoch ek *Tiidwurden*).

By frijwol alle reduksjemooglikheden spilet it distânsjebegjinsel wer in rol.

6. By staverings- of fonologyske farianten (dûbelfoarmen ensfh.), dy't gauris ek dialektyske farianten binne, wurdt as standertnoarm de foarm beskôge dy't yn it skriftlik taalgebrûk de lêste 25 jier it meast gongber is. Yn de measte gefallen liket it ferwizingssysteem yn WB-I dy fariant te jaan: bygelyks it foarheaksel *ûn(t)* is de standertfoarm en net *on(t)*, dus *ûn*waar en *ûn*trinne.

7. By staveringsfariaasje mei in Fryske fariant en in ynterferinsje (dy't soms ek dialektysk wêze kin) is de Fryske(re) foarm de standertfoarm foarsafier't dy skriftlik de lêste 25 jier gongber is: *-earje* is de standertútgong en net *-eare*: *avensearje*, *probearje*, *kampearje*, *parkearje*. Itselde jildt foar *-eftich* (en net *-achtich*): *reuseftich*, *readeftich*, ensfh. Op grûn fan it ferwizingssysteem wurdt de standertfariant *east* (en net *oast*), *efter* (en net *achter*). Net altiten is der lykwols in noarmoanwizing yn WB-I te finen. It distânsjemotyf kin dan helpe om ta in standertfariant te kommen.

8. Foar taaleigen lykas siswizen en oare útdrukkings jouwe WB-I, it taalgebrûk fan grutte skriuwers (benammen dy út de tritiger jierren), spesifike taaleigenboeken (lykas *Ken jim Frysk*, *Op 't aljemint* en *Op 'e taelhelling I en II*, *Efkes Taalbuorkje I en II*) yn de measte gefallen in noarm fan wat goed Frysk is, hoewol't de samling net folslein wêze kin.

By syntaktyske fariaasje yn it skreaune Frysk is de noarm wat te finen is yn de Fryske literatuer fan de grutte proazaskriuwers en de Fryske grammatika's fan de 20<sup>ste</sup> ieu. Syntaktyske ynterferinsjes (ynslûpsels yn de bou fan de sin) lykje der yn it skreaune proaza fan dy foarige ieu (noch) net folle te wêzen. Foar dy aspekten jout it WB-I gjin eksplisite noarm. *Tiidwurden* (Afûk), haadstik 5 út *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis* (FYRUG/Afûk, 1982), de *Grammatica Fries* (Jan Popkema, Prisma, 2006) en oare fakliteratuer beskiede de goede noarm en standert.

9. Foarsafier't yn in konkreet gefal neat oer de winsklike standertfoarm te sizzen is op grûn fan it foargeande, jildt dat de *meast Frysk identifisearjende* foarm de standertfoarm is. By it *brekken* en *rekken* fan lûden is dat grif it gefal. Sa binne *brekkingsfoarmen* almeast de standertfoarmen: *iennichste* (net: ienichste), *bruorren* (net: broers), *kuolkast* (net: koelkast), *studearret* (net: studeart), *foarrige* (net: foarige). Dat jildt ek foar de (*brutsen*) útspraak, ek al is dy op skrift net te sjen: [injɛstən] (ynearsten), [mʏaistə] (moaiste), [brjɪfkə] (briefke), [grjɪntə] (griente).

Typysk Frysk binne ek de *rutsen* lûden yn wurden as: *rôt* (rot), *rôk* (rok), *pôt* (pot), *stôk* (stok), *mês* (mes), *glêd* (gled). Dy hawwe de pree.

### 2.3.5. Opdracht standertfoarms

Lês par. 2.3.4. (thús jitris) troch en jou op grûn dêrfan en mei help fan de beide wurdboeken oan wat fan ûndersteande eksimpels de gaadlikste (standert)foarm wêze soe om yn jo teksten te brûken. Hoefier komme jo mei boppeneamd regelsysteem? Wat tinkt jo dêrfan?

- |                           |                                  |
|---------------------------|----------------------------------|
| 1. harke-riuwe            | 19. kerl-kerrel                  |
| 2. ienich(st)-iennich(st) | 20. herhelling-werhelling        |
| 3. sonder-sûnder          | 21. baarne-barne-brâne           |
| 4. rôk-rok                | 22. guon-guont-guods-guodden(s)  |
| 5. tsjok-tsjûk            | 23. sines-sinen-sinent           |
| 6. skreppe-skrippe        | 24. dominy-dûminy                |
| 7. sjoch-sjuch            | 25. ferklearrings-ferklearringen |
| 8. wite-witte             | 26. films-filmen                 |
| 9. tûne-tonne             | 27. kapje-kappe                  |
| 10. skele-skillen         | 28. mûts-mûtse                   |
| 11. hiel-heel             | 29. sollisitearje-sollisiteare   |
| 12. lilck-lulk            | 30. paraplûke-paraplûtsje        |
| 13. dogniet-dogeneat      | 32. skoftke-skoftsje             |
| 14. sie-sied              | 33. twifelder-twifeler           |
| 15. (n)oaite-(n)ea        | 34. swolderij-swolderije         |
| 16. hopeleas-hopeloas     | 35. tjilling-tsjilling           |
| 17. efter-achter          | 36. twataligens-twatalichheid    |
| 18. waakse-waachse        | 37. griperich-gripich            |

- |                                 |   |
|---------------------------------|---|
| 38. hannel-handel               | 45. razen-razend  |
| 39. fûlder-fûler                | 46. antwurd-andert  |
| 40. prinsesse-prinses           | 47. dôf-doof  |
| 41. reuseftich-reusachtich      | 48. delegearre-delegearde   |
| 42. achting-achtinge            | 49. dwers-dwars   |
| 43. eksaminators-eksaminatoaren | 50. meiinoar-meiinoar-mei-inoar (sj. ek par. 9.3.3 fan <i>Stavering</i> ; WB-I: s. 6 en 19) |
| 44. gewoanten-gewoantes         |   |

### 2.3.6. *Op 't aljemint en oare boarnen*

Underwiislearmiddels: sjoch ûnder les 1.

Oare boarnen op it mêd fan it taaleigen dy't tige de muoite wurdich binne, binne de beide dielen fan Douwe Tamminga:

- Tamminga, D.A., *Op 'e taelhelling. Losse trochsneden fan Frysk taellibben, I*. Boalsert: Osinga, 1963;
- Tamminga, D.A., *Op 'e taelhelling. Losse trochsneden fan Frysk taellibben, II*. Boalsert: Osinga, 1973.

En de oanfolling:

- Tamminga, D.A., *Kantekers. Fersprate stikken oer taal en literatuer*. Grins: S.F. FYRUG, 1985.

En fierders:

- Kalma, D., *Freegje mar fierder! In ynlieding ta it Fryske taeleigen [foarste dieltsje]*. Boalsert: Osinga, 1943.
- Kalma, D., *Ken jim Frysk! In samling Frysk Taeleigen foar leargongen en selsstúdzje*. Drachten: Laverman N.V., 1948.
- S.W. Douma [= D. Kalma], *Frysk taeleigen-boekje I. It túch der út!* Drachten: Laverman, 1946 (Rige Lytse Paedwizers – 2).
- S.W. Douma [= D. Kalma], *Frysk taeleigen-boekje II (mei kaei). It goede krûd*. Drachten: Laverman, 1946 (Rige Lytse Paedwizers – 2).
- Tsjepkema, H., *Efkes taelbuorkje*. Ljouwert: Koperative Utjowerij, 1978.
- Tsjepkema, H., *Efkes taalbuorkje II*, Ljouwert: Koperative Utjowerij, 1997.

Foar de regels fan it Frysk is it wichtichste standertwurk:

- J. Popkema, *Grammatica Fries. De regels van het Fries*. Utrecht: Prisma, 2006 (378 siden).

### 2.3.7. *Opricht taaleigen en taalregels út Mei freonlike groetnis*

Lês út *Mei freonlike groetnis* side 25-40 troch en meitsje foar josels oantekens. Jou spesjaal omtinken oan:

- *dat* en *wat*: It wyfke *dat* [...] (antesedint is in it-wurd); *Dat* *wat* er seit [...]; Alles *wat/dat* ik haw (*wat* of *dat* nei *alles*); *Dat* is it moaiste *wat/dat* ik ea belibbe haw; Hy briek him de earm, *wat/dat* him gâns lêst besoarge (*wat* of *dat* nei in hiele foargeande sin); *Wat* er wol [...] (ynsletten antesedint: *dat* *wat/itjinge dat* er wol);
- *der*: as *der* (of: *dêr*, *hjr*, *wer/wêr*) mei in by- of ferhâldingswurd ('voorzetsel') kombinearre wurdt, wurdt it almeast as *ien* wurd skreaun: *deroan*, *dernei*, *dêrom*, *dêrfan*, *hjrifan*, *hjirmei*, *wêrfan*, *wêrmei*. Wat minder faak is dat it gefal by langere kombinaasjes: Dat sit der tuskenyn/dertusken yn; Hy rint der omhinne/derom hinne. Tink om: No komt *er* thús (en nèt: No komt \**der* thús);
- *dielteken*: in dielteken moat skreaun wurde as twa inoar folgjende lûden tegearre ek as lang lûd of twalûd foarkomme: *hygiënysk*, *seeën*, *oriïnt*, *beierdiging*, *snieich*, *klaaiing*, *beântwurdzje*. Yn gearstallings lykas *seeëarn*, *hikkeëide* en *radioömröp* (3 à 4 lûdtekens efterinoar) wurdt de *foarkar* jûn oan in *keppelstreekje*: *see-earn*, *hikke-eide*, *radio-omröp*, *hinne-aai*, *mei-inoar*;
- *eigenskiplike bysin*: fan belang is it ûnderskied tusken in *beheinende* en in *útwreidzjende eigenskiplike bysin* (Holl.: 'een beperkende en een uitbreidende bijvoeglijke bijzin'):
  - a. Sinasappels dy't noch net hielendal oranje binne, kinst better net ite;
  - b. Sinasappels, dy't in protte fitamine C befetsje, kinne in ferkâldheid tefoaren komme.

Yn sin a is *gjin* koarte rêst foar de bysin *dy't noch net hielendal oranje binne*. Boppedat kriget de bysin in bysûndere *klam*.

Yn sin b is in *koarte rêst* te merkbiten foar de bysin *dy't in protte fitamine C befetsje*. Dy bysin kriget boppedat in *legere toan* as de haadsin.

Sin a is beheinend, omdat it allinnich om sinasappels giet dy't noch net hielendal oranje binne. In beheinende bysin kin *nea weilitten* wurde.

Sin b is útwreidzjend, omdat er ekstra ynformaasje jout. In útwreidzjende bysin kin men faak *wol weilitte*.

Noch in foarbyld:

- c. It regear dat net soarget foar de earmelju, komt syn plicht net nei.
- d. It regear, dat net soarget foar de earmelju, komt syn plicht net nei.

Yn sin c is de bysin beheinend: gjin koarte rêst foar *dat*, in bysûndere klam op de bysin en it giet om it regear yn it algemien: alle 'regearen' dy't der mar binne. De bysin kin net weilitten wurde, want dan betsjut de sin wat oars. Yn sin d is de bysin útwreidzjend: der komt in koart rêst foar *dat* by lûdop lêzen en de bysin kriget in legere toan as de haadsin. Yn prinsipe kin de bysin weilitten wurde: dat spesifike regear komt syn plicht net nei, *omdat allinnich dat regear* net soarget foar de earmelju. In útwreidzjende bysin kin gauris ferfongen wurde troch in 'omdat'-sin: It regear komt syn plicht net nei, *omdat* it net soarget foar de earmelju.

Oan de ein fan in eigenskiplike bysin komt in skrapke (komma) as de haadsin trochrint: Studinten dy't mar trije moanne besteegje kinne oan in skripsje [en dus allinnich dy studinten en net alle studinten], slagget it almeast net om in goed risseltaat te heljen.

Oan it begjin fan in útwreidzjende eigenskiplike bysin komt altiten in skrapke: Us boargemaster, dy't foarsitter fan de delegaasje wie [allinnich *hy* wie de foarsitter], betanke de bûtenlânske gasthearen.

Oan it begjin fan in beheinende eigenskiplike bysin komt gjin skrapke as de bysin fuortdaliks efter it wurd stiet dêr't it by heart: De maatregels dy't it regear ferline wike presintearre hat, binne neffens de opposysje net útfierber. De beheining leit yn it feit dat it allinnich giet om maatregels dy't it *ferline wike presintearre* hat en net om alle maatregels dy't it wannear dan ek presintearre hat. D.w.s. it giet net om maatregels yn it algemien.

It al of net brûken fan in skrapke kin ek net-bedoelde dûbelsinnichheden jaan:

- a. It giet om de kliïnt fan de advokaat (,) dy't fertocht wurdt fan moard.
- b. Dy side is ornearre foar artikels fan lêzers (,) dy't wy wichtich achtsje.

Sûnder skrapke wurdt de *advokaat* fertocht fan moard en wurde guon *lêzers* wichtich achte. Mei de komma wurdt de *kliïnt* fertocht en giet it om wichtige *artikels*.

Yn de neikommende sinnen heart gjin komma te stean:

- a. De kapasiteit fan it ôffiersysteem is berekkene op reinbuien, \*dy't statistysk sjoen mar ien kear yn de alve jier foarkomme. Yn dy sin wurdt suggerearre dat reinbuien trochinoar mar ien kear yn de alve jier foarkomme.
- b. Treinreizigers, \*dy't yn 1994 útstapten op Antwerpen-Sintraal hawwe sjen kinnen hoe't de stasjonsoerkaping restaurearre waard. It skrapke moat weilitten wurde, omdat net alle treinreizigers yn dat jier yn Antwerpen-Sintraal útstapten.

Wat is it ferskil tusken de beide folgjende sinnen?

- a. De skippen [gjin skrapke] dy't mei flachjes fersierd wiene, fearen de haven út.
- b. De skippen, [skrapke] dy't mei flachjes fersierd wiene, fearen de haven út

- *eigenskipswurd mei of sûnder -e by it-wurden (ûnsidige wurden lykas it regear, it hûs, it stekje, ensfh.)*
  - in wichtige regel is: giet oan it (byhearrend) eigenskipswurd it *lidwurd* 'in' foarôf, dan kriget it eigenskipswurd gjin *-e*: in *sintraal* eksamen, in *nij hûs*, in *moai* stekje, in *giel* bosk blommen;
  - in oare wichtige regel: stiet foar it eigenskipswurd in *besitlike foarnamwurd*, lykas *myn, dyn, har, ús, jimme, harren*, dan kriget it eigenskipswurde ek gjin *-e*. Dêr wurde in soad flaters mei makke! It moat wêze: *dyn sintraal eksamen, myn nij hûs, har moai hier, ús skjûn tafelkleed, syn heech sifer, ús nij bestjoerslid, myn read fest, har wyt toskje, jimme lekker sop, har prachtich rapport, dyn griis dekbêd, ús lyts autoke, myn brún taske, ús Frysk berneboek*, ensfh.
- *ek*: yn 'e regel begjinne wy in sin yn it Frysk net mei *ek* en wy einige der ek net mei: Hy wie *ek* oanwêzich (\*Ek hy wie oanwêzich); Dat *ek* noch (\*Ek dat noch); Dat is *ek* mar goed (\*Dat is mar goed ek); Hy waard *ek* noch lulk (\*Hy waard noch lulk ek); Dat is *ek* sa (\*Dat is sa ek). Goed is: Wêr/wa/hoe dan *ek*.
- *feestdagen*: it Taalburo fan de Fryske Akademy (De Haan) stelt út om alle feestdagen yn it Frysk mei in lytse letter te skriuwen: goedfreed, himelfeartsdei, krysttiid, pinkstersnein, ensfh. Dat liket my in goed útstel. Sille wy dat tenei mar as Standertfrysk oanhâlde ('De Fryske TaalHelp', 2004 docht dat noch net)?!

It is spitich dat de Fryske staveringskontrôle foar *Word '97* en *Office 2000* (Fryske Akademy/Polderland 1999) dy noarm (noch) net folget en it wurdboek gjin dúdlik útslútsel jout. Gean ek ris nei hoe't dat sit by 'De Fryske

TaalHelp', 2004, Window/Office 2000/2003 en Windows/Office XP). By wat fierder neiplúzjen komme wy yn it wurdboek N-F (II) yn foarbyldsintsjes de lytse letter tsjin, wylst yn it diel F-N (I) alles in haadletter kriget. Gean dat ris nei. Nammerste mear reden om De Haan syn (standert)noarm te folgjen (s. 35).

- *ferhâldingswurdútdrukkings*: fêste útdrukkings komme, benammen yn it amtlik taalgebrûk, om it hurtsje foar. It is dus tige handich om de Fryske wjergaders te witten fan: *ten behoeve van, ten opzichte van, ten koste van*, ensfh. (s. 36). Notearje foar josels de Fryske wjergaders dy't jo net bekend wiene.
- *ferwiiswurden*. It is fan belang om te ûnthâlden dat it Frysk, oars as it Hollânsk, grammatikaal gjin ferskil makket tusken manlik en froulik (slachte), útsein by persoanlike foarnamwurden. It is goed om it stikje oer *wurdslachte* ek efkes troch te nimmen. It *biologysk* slachte spilet yn it Frysk amper. 'In kat *syn* jongen en in ko *syn* jaar' is dus hiel gewoan Frysk.

Tink ek om de regel dat nei in *it*-wurd (*it* petear, *it* famke, *it* hûs, ensfh.) altiten *dat* folget en nèt *wat*: *it* petear *dat* ik hold; *it* fanke *dat* dêr rint; *it* hûs *dat* ferve wurde moat! *Wat* wurdt njonken *dat* allinnich brûkt nei *al, alles, dat(jinge)* en nei in *foarôfgeande sin*: alles *dat/wat* er seit; *dat wat* er hawwe wol; Hy sei *dat* in walfisk gjin fisk is, *dat/wat* wy net leauwe woene.

Nei in *meartal* kin ek *it* folgje: Skoalbern, kringen binne *it*.

- *freeslike útdrukkings*: útdrukkings mei in Hollânsk rookje moatte wy yn teksten safolle mooglik besykje om te mijen. Hoe soene jo De Haan syn foarbylden ferfryskje? Hoe soene jo \*'Dat is my in *toarn yn it each*' en \*'Ik haw him moai *te grazen nommen*' ferbetterje?

### 2.3.8. Griemank út Op 't aljemint of oare boarnen

*danich, bedaand, mei danen*

Yn: It linnen is *danich*, betsjut *danich* yn 't Frysk: mei 'giele fochtplakken'. As it wytguod *bedaand* is, sitte der ringfoarmige fochtplakken yn. In *daan* is in fochtplak of ring dy't op 'e tafel oerbliuwt as der in wiet kopke of in wiete panne op stien hat. Dat liket net alhiel itselde as it Hollânske 'spocht', 'spochtig', dat te krijen hat mei donkere stippen dy't troch focht ûntsteane, yn stoffen, papier, ensfh. WB-II hat it wurd 'spocht(ig)' net, dat wy kinne de goede Fryske wjergader net opsykje. Wol fine wy yn WB-I ûnder it lemma *II waar*: 'verkleuring, ontleding, bederf'; *It waar* yn it linnenguod, it rût, de spiegel. De gerdinen sitte fol *waar*.

*de*

Tink om: **de** healoere, *de* sprek(kers)oere, *de* lêste (heal)oere. Dêrfoaroer: *it* sinteklazeburd, *it* krop (fan 'e foet; 'de wreef'), de Snitsermar, ensfh.! *It* sop kin ûnder oaren slaan op: in fleske apelsop ('sap'), in board grientesop ('soep') en sjipsop ('sop').

*dei*

It Frysk hat in oare folchoarder as it Hollânsk yn: Dei **út**, *dei yn* ('dag in, dag uit'). Oppasse dus!

*dêrom*

*Dêrom* kin goed brûkt wurde foar it Hollânske *evenwel, nochtans, niettemin*: Ik stim net, mar it is my *dêrom* net likefolle. Wat moai! *Dêrom* net, it kostet ek gâns ('het kost evenwel/echter ook heel wat'). It wie him withoefaak ferbean, mar *dêrom* die er it noch wol ('desondanks'). Foar 'trouwens' is *dêrom* ek goed brûkber: *Dêrom* net, do moastst it sels witte.

*diggel*

De measten sille by diggels tinke oan diggelguod: ierdewurk, porslein en glês, mar in 'granaatscherf' is ek in granaatdiggel neffens WB-II. In 'scherf (van aardewerk, steen)' wurdt ek wol in *skurd(sje)* neamd: Dat teekopke mist in *skurdsje* út.

*dimmen*

Sjirk is in *dimmen* man, dêr hoecht net ien spul mei te krijen (*evenredich* en *beskieden*); *Dimmen* fan herte ('deemoedig, ootmoedig, nederig'); Klaai dy kreas en *dimmen* ('zedig, ingetogen'); Hâld dy *dimmen*, jong ('kalm, bedaard').

*Dimmen* is in eigenskipswurd dat oarspronklik in *fuortsettend mulwurd* ('tegenw. deelw.') west hat, mar lykas *derden* ('dartel'), *keken* ('veeleisend, preuts'), *rimpen* ('haastig, hardhandig, ruw'), *libben* ('levend'), *gysten* ('haastig, wild, onberaden'), *mijen(d)* ('bang, bedeesd, beschroomd, behoedzaam, voorzichtig') almeast de ein-*d* weitôge hat. In pear



oare hawwe de *d* al en dan wer net: *ûntlitten(d)* ('zachter worden, licht dooien'), *efterhâlden(d)* ('achterhoudend, niet openhartig'), *hoeden(d)* ('behoedzaam, voorzichtig'). As jo de kar hawwe tusken al of net ein-*d*, wat kieze jo dan yn jo teksten (sjoch ek de paragraaf oer *noarm* en *standert*)?

### *ding*

'Het is een goede *zaak*' sette wy yn it Frysk oer mei: It is in goed *ding*. It is in goede *saak*, is in (leksikale) ynterferinsje.

### *doge*

Dykstra brûkt op s. 63 *dogeniet*, fierderop almeast *dogeneat* (bgl. op s. 69). WB-I en II jouwe beide foarms. Op hokfoar grûn(en) dogge jo in kar?

### *dus*

'Dus' kin yn it Frysk betsjutte:

1. 'zo, op deze wijze, aldus'. *Dus en sa* is 'zus en zo';
2. 'derhalve': Dêr kin 'k *dus* op rekkenje.

Soms rûkt it brûken fan 'dus' tefolle nei it Hollânsk. As *dus* 'daarom' betsjut, kin men soms better *sadwaande* brûke: De brêge wie ticht, *sadwaande* wie ik te let. *Dat sadwaande* wol sizze 'dus, daarom, dat is de verklaring', dat is de oarsaak of reden.

Meastentiids kin it bynwurd ('voegwoord') *dat* it bywurd ('bijwoord') *dus* ferfange. Wy sette inkelde Hollânske foarbylden oer yn it Frysk:

1. 'De politie is tegenwoordig druk in de weer; je mag er *dus* wel goed op letten niet te hard te rijden'; De polysje is tsjintwurdich tige warber, **dat** do meist der wol goed om tinke en ryd net te hurd.
2. 'Zaterdag zijn jullie verhinderd; jullie komen *dus* een week later?'; Sneon kinne jimme net, **dat** jimme komme (no) in wike letter?
3. 'Wij spreken dus af: om zeven uur allemaal aanwezig!'; *Dat* wy prate ôf: om sân oere allegearre oanwêzich!
4. 'Lammert had die middag vrijaf: die kan het *dus* onmogelijk gedaan hebben'; Lammert hie dy middei frij, **dat** dy kin it ûnmooglik dien hawwe.
5. 'Twee keer gesproeid en nog één en al bladluis: het helpt *dus* niets'; Twa kear sproeid en noch allegearre blêdlûs, **dat** it jout neat.
6. WB-II hat it wurd 'spocht(ig)' net, **dat** wy kinne de goede Fryske wjergader net opsykje.

Wy sjogge dat de bysin (de sin mei *dat*) yn it Frysk de wurdskikking fan in *haadsin* kriget. Yn in haadsin kin tusken it ûnderwerp en de persoansfoarm net in oar wurd setten wurde. In foarbyld: yn '**dat** do meist ...' (sin 1) kin tusken *do* (ûnderwerp) en *meist* (persoansfoarm) nêr in oar wurd stean (bygelyks: *moarn*). De sin soe ûngrammatikaal wurde. Yn in bysin kin dat wòl. Besykje it mar ris.

### *earen*

Ynstee fan de ynterferinsje 'froeger' hawwe wy de kar út: *earder* (ek as eigenskipswurd/'bijv. naamwoord'): Myn *eardere* baas; *earen*, *eartiids*, *foarhinne*, *alear(en)*, *by âlds*, *yn 't foarige*, *foartiids*.

### *en + ymperatyf*

De neikommende sinnen mei 'om te' komme ús yn it Hollânsk en it Frysk bekend foar:

- Ik ried dy oan *om* jûn net te let nei hûs ta.
- Wibe tocht der net oan *om* syn hier ôf te knippen.
- Sytske hie de moed net *om* Sytse út te laitsjen.
- Wy meie der wol om tinke *om* him strak te lokwinskjen.

Men kin sokke sinnen ek in typysk Fryske sinbou jaan: de saneamde 'en + ymperatyf'-konstruksje (ymperatyf = *hjittende* foarm of 'gebiedende wijs' fan it tiidwurd). Yn de romans fan Simke Kloosterman en Douwe Tamminga komt men dy gauris tsjin. Fan in echt gebod kin men winliken net prate, it is mear in *sabeare* ymperatyf (allinnich de foarm). De wurdskikking wurdt dan sa:

- Ik ried dy oan *en gean* jûn net te let nei hûs.
- Wibe tocht der net oan *en knip* syn hier ôf.
- Sytske hie de moed net *en laitsje* Sytse út.
- Wy meie der wol om tinke *en lokwinskje* him strak.

Eigenaardich is yn it Frysk ek de sinkonstruksje mei *hinnegean*: Jimme meie wol *hinnegean en meitsje* ris wat oan! Soe men net *hinnegean en jou* dy jonge in trewinkel? Foar ôfwikseling yn *styl* kin men de ‘en + ymperatyf’-konstruksje skoan op skrift brûke. Tamminga ferbynt soms in ‘om te’-sin mei in ‘en’-sin: In amerij wie ik yn ‘e wille *om* it hynder te heljen *en ryd* de stêd út!

Yn ien fan de neikommende lessen binne wy fan doel *en jou* in oefening oer de ‘en + ymperatyf’-konstruksje.

*er/hy- se/sy/hja*

Goed Frysk is: *Hy/hja/sy* komt moarn. Dat feroaret as dy persoanlike foarnamwurden (tredde persoan, iental) *efter* de persoansfoarm of in bynwurd komme te stean (yn *enklityske* posysje) en *gjin klam* krije. Yn: dan *soe(d) er/soe se* net komme, stiet *er/se* flak efter de persoansfoarm. As dat foarnamwurd de klam nèt krijet, dan kin yn it Frysk *hy/hja/sy* net brûkt wurde. Dat jildt ek foar: *oft/dat er/se* komt, is de fraach; *om’t/hoe’t er/se* it docht ... ; *doe’t er/se* dat sei ... , *wannear’t er/se* praat ... , ensfh. *Hja* en *sy* wurde fansels ek yn it meartal brûkt: *hja/sy* hawwe dat dien (lofts *foar* it tiidwurd); hawwe *se* dat dien?; oft/om’t *se* dat dien hawwe (rjochts *efter* de persoansfoarm of it bynwurd). *Hy/hja/sy* moatte yn de enklize sadwaande op skrift ek mijd wurde.

Yn it Hollânsk is it wisânsje en skriuw: ‘Ik zag *er één* zitten; Hij had *er* (misschien wel) *vijf/honderd*; Er waren *er* (zonder twijfel) *genoeg* (*enkele, verscheidene, te veel*)’. Foar in (beskaat of ûnbeskaat) telwurd wurdt yn dy taal almeast *er* [= ervan] setten. Yn it Frysk mei de wjergader *der* op dy wize net brûkt wurde. It is dus: Ik seach ien; Hy hie wol fiif; Der wiene grif genôch (tefolle). In sin as: \*Hy hie *der* fiif, hat dus in ûnfryske bou: *der* is oer en tefolle. It ferkeard brûken fan *der* foar in telwurd yn it Frysk wurdt wol in *syntaktyske ynterferinsje* (in ferkeard ynslûpsel yn de *bou* fan de sin) neamd.

*fierder(s)- fierst(ent)e*

Hy wol *fierder* (‘verder’) komme yn it libben (graadbûging: *fier, fierder, fierst*). *Fierder(s)* woed er der net folle fan witte (‘overigens, voor de rest’). *Fierder(s)* seid er dat er ek syn nocht hie (‘vervolgens, voorts’). Hy kaam *fierst(ent)e* let. Hokfoar kar dogge jo op skrift (ferlykje ek de paragraaf oer noarm en standert)? Wêrom? ‘Hij kwam van ver(re)’: hy kaam fan (om) *fierren(s)*.

*fuort - wei*

Besykje om *fuort*- net te brûken ynstee fan *wei*- yn tiidwurden as: *weibaarne* (nèt: \**fuortbaarne*), *weibliuwe* (nèt: \**fuortbliuwe*), *weidûke*, *weifalle*, *weihelje* (Ik haw myn frou út Arnhem *weihelle*), (wat) *weijaan* (net: wat \**fuortjaan*; wòl: jin *fuortjaan*; ik joech my *fuort*), *weikwine*, *weilitte*, *weimeane*, *weimeitsje*, *weimoffelje*, *weinimme*, (der) *weipakke*, *weipikke*, *weiroastkje*, *weirotsje*, *weisakje*, *weiseagje*, *weisinke*, *weisipelje*, *weislypje*, *weislite*, *weislinke*, *weisoale*, *weispiele*, *weistjerre*, *weistopje*, *weistream*, *weirinne* (‘wegstromen’), *weistreekje*, *weisuverje*, *weiteie*, *weiwriuwe*, *weiwuwe*.

Gâns oare tiidwurden kinne wol ferbûn wurde mei *fuort*:- *fuortdriuwe*, *fuorttriuwe*, *fuortfytse*, *fuortglydzje*, *fuortsmite*, ensfh. Rieplachtsje it wurdboek faak om efter de gebrûksmooglikheden te kommen, want fêste regels binne winliken net te jaan. De frisist Jarich Hoekstra jout wat stipe mei de regel: As it tiidwurd ek foarkomme kin mei *werom*- en as men mei skik freegje kin: *Wêrhinne?*, brûk dan *fuort*-; kin soks net, brûk dan *wei*- (sjoch ek les 3).

In pear *foarbylden*: As ik myn stripekaart net fine kin, dan sis ik almeast: it *ding* is *wei*. Guon minsken sizze: hy is *fuort*; dat is foar harren itselde. Giet it lykwols oer in *minske*, dan leit de saak trochstrings oars. Pake is *fuort* betsjut: hy is net thús (mar hy komt wol wer thús). As pake lykwols *wei* is, dan is er stoarn òf hy is fuortrûn en net ien kin him fine. As Kees de stôk *fuortsmyt*, kin de hûn him wer ophelje. As Kees de stôk *weismyt*, is it grif net de bedoeling dat de hûn him wer pakt. Durk kin de besite *fuortbringe* nei de bus en op *wei* nei hûs syn kaai *weibringe* (*weitôgje*, *weislepe*).

Beide wurden kinne ek opinoar folgje yn de sin: Do moast út dyn wurk *wei fuort* (= daliks) nei hûs ta gean, sei de frou, want wy moatte jûn *fuort*, dêr kinne wy net foar *wei*. As wy net komme, dan komt der raar wat efter *wei*. En dat kin ‘k mar net by *wei* krije.

In oar foarbyld: Der wurdt sein dat alderhanne kwalen út ‘e mage *wei fuort* komme.

Soms lykje de wurden hast itselde te betsjutten, mar kinne se dochs perfoarst net ferwiksele wurde: *Fuort*, jonges, rôp de lulke boer, út myn lân *wei*! *Fuortgean*! Dêr *weikomme*! De jonges fleagen *fuort* en nei in amerij wiene se *weiwurden* efter de huzen. Yn in oare les jouwe wy dêr noch in opdracht oer.

### 2.3.9. Taalsoarch: *frisofoby*

Under it kopke 'Frysofoby of frysismen yn it Frysk' hat de frisiste Tony Feitsma yn *Fryx* (jrg. 11/12, 1990/1991, nû. 2, s. 114-115) in artikeltsje skreaun oer de ynfloed fan de Hollânske noarm op Frysk, likefolle oft wy dêr sels weet fan hawwe of net. Dy ynfloed liedt by guon maklik ta it oardiel dat de taal fan Fryske teksten *âldfrinzich*, *te Frysk* of *te geef* is en ta it kiezen fan alternativen dy't it tichtste by it Hollânsk lizze. Hja jout dêr in rychje foarbylden fan. Lofts steane de net-Fryske of minder geve Fryske wurden en útdrukkings (se binne net allegearre 'ferkeard'), dy't winliken mijd wurde moatte. Rjochts steane de geve Fryske wjergaders (de stavering is oanpast oan de offisjele). As men dat geve Frysk systematysk út 'e wei giet (en dat is *frisofoby*) dan ferliest it Frysk hurd syn *eigen kleur* en *toan*.

bolletylt	-	bollebou	it klopt/kloppet	-	it komt goed út; it is goed;
feetylt	-	feehâlderij of feefokkerij			sa is it; dat is sa; (ja) krekt
feehâlder	-	greidboer	do dochst dat	-	do dochst dat wol even, no?
ikkerbouwer	-	bouboer	even, wolste?		wolsto dat even dwaan?
mest	-	dong	gjin sin hawwe	-	der gjin sin/nocht oan
gesin	-	húshâlding			hawwe
geskink	-	presint	ien meie	-	ien lije meie
leeftyd	-	jierren/âldens	ik haatsje bier	-	ik mei perfoarst gjin bier;
oerhimd	-	boesgroen			ik haw in (ôf)griis fan bier;
pauze	-	skoft			ik griis fan bier; ik haw in
fermaak	-	ferdivedaasje/fertier			wearze/tsjinnichheid yn bier
plezier	-	wille/nocht	it goed mei-inoar	-	goed mei-inoar kinne
			fine kinne		
be(u)zich wêze	-	dwaande wêze	de gearkomste	-	[...] is om fiif oere
belachlik	-	healwiis; bespotlik	fynt plak om fiif oere		
ferskriklik	-	ôfgryslík	der wurdt te	-	[...] te hurd jage
leauwaardich	-	betrouber, oannimlik	hurd riden		
ûnhandich	-	knoffelich	ferbergje	-	ferside bringe
			ferlieze	-	weitôgje/weibringe/weislepe
tal fan	-	in (hiel) soad; in (hiele)	hearre	-	harkje
		protte/bulte; party/gâns	jín besinne	-	jín beriede
rom fyftich	-	goed fyftich	jín ergerje	-	argewaasje hawwe
			klean útlûke	-	klean útdwaan
foarige wike	-	ferline wike	oerjaan	-	spuie/koarje
<i>folgjende</i> wike	-	nije/takom(me)/oare wike	opromje	-	oprêde
			opsjitte	-	oanmeitsje; ave(n)searje
ik bin der <i>sa</i> wer	-	ik bin der <i>dalik(s)</i> wer	pakke	-	krije
pas	-	krekt	ynskinke	-	ynjitte
in pear wike lyn	-	okkerwyks	wy dogge as	-	wy beare dat wy [...] hawwe
nei binnen	-	deryn, yn 'e hûs	hiene wy [...]		
oeral	-	rûnom	krigen (mulwurd)-		krige
			(wy) stean/gean	-	steane/geane
fêst	-	grif	(meartal)		
yndied	-	dat is sa; dat bin ik mei jo	siet hy/hja;	-	siet <i>er/se</i> ;
		iens; dêr hawwe jo gelyk	om't hy/hja		om't <i>er/se</i>
		oan; seker; wier			

### 2.4. Eigen wurk (30 min.)

Sjoch de taljochting en de opdracht by les 1. Plenêr besprek fan wurk dat yn les 1 troch de kursisten behoffene is. Besprek yn groepkes en/of mei de hiele groep nije teksten dy't troch de kursisten sels makke binne.

## Korreksjebled(en) opdrachten les 2

### 2.1.1. Staveringsopdracht

*Korreksje*: garaazje/graach, gemysk, bargje (tiidwurd), rêch, ûndraachlik, mooglik, barchje (haadwurd), deugd, bûchberens (!), ûntsachlik, ik hoech, ik hoegde, ik haw hoegd, biggen, gûchelje, kafee, goalera, krysant, molkkwo(a)tum, eksekúsje

Yn 2001 is foar de Afûk-kursussen in regeling ôfpraat foar wurden dy't einigje op *-gber*, *-chber*, *-glik* of *-chlik* (bgl. wurden as *\*bûgber*, *draachber*, *mooglik* en *\*beweeglik*). Tenei wurdt foar de staving fan de *g* of de *ch* by dy wurden útgongen fan de *stam* fan it tiidwurd dêr't it wurd fan ôflaat is. Dêrom wurdt tenei *bûchber* en *beweechlik* skreaun. Utsûnderings binne *mooglik/mûglik*, *daaglik* en *deeglik*, om't dy net ôflaat binne fan in *stam* op *-ch*. Yn de praktyk giet it om in lyts tal wurden dy't tenei oars stavere wurde: *bûgber*→*bûchber*; *ferwrigber*→*ferwrichber*; *ûnbûgber*→*ûnbûchber*; *ûnferwrigber*→*ûnferwrichber*; *ûnneifolgber*→*ûnneifolchber*; *ûnúteagber*→*ûnúteachber*; *úteagber*→*úteachber* (sjoch foar in wiidweidige útlis in artikel yn *De Pompeblêden*, nû. 5 (2000), s. 82. Yn F.B. Dykstra syn *Staving* (2003<sup>5</sup>) is yn haadstik 2 de nije regeling foar de staving fan *g/ch* yn wurden op *-ber* en *-lik* ynbrocht,

### 2.1.2. Staveringsopdracht

*Korreksje*: golesterol, argaysk, kritearium, korrektrise, aksyns, poche (opswetse), yn 'e pogge (minnichheid) sitte, kwisinier (útstjoerkok), aksidinteel, akkoart (oerienkomst, ôfspraak), akkoard (gehiel fan klanken yn 'e muzyk), eksintryk, richel (râne), rigel (rige, skriuwline), rikel (mantsjehûn), klimaks, sjirurch, goreograaf/koreograaf, groom, kyt, seagje (tiidwurd), seachje (haadwurd), bedraggen

### 2.2.1. Tiidwurden

Lês by swierrichheden s. 15-21 fan *Tiidwurden* nochris troch.

### 2.3.2. Opdracht ferlytsingswurden

*Utgongen WB-I (punt 3)*: kameraatsje/kamerake; kollega (gjin ferlytsingsútgong); twake/twatsje; autootsje/autoke; buroke/burootsje; kadootsje; doke; paraplukje/paraplútsje; buike; tuike; dei (gjin ferl. útgong); bleike; siedsje; greauke ('kaantje'); (fûgel)kouke; knoeike; koaike; boike (ropwurd fôle), buoike, muoike. Wy moatte konkludearje: soms giet *-tsje* foarop en soms *-ke*; soms komt allinnich *-tsje* foar en soms allinnich *-ke*; soms wurdt gjin ferlytsingsútgong jûn. Us foarkar: *-ke*.

### 2.3.7. Taaleigen en taalregels

*Ferbetterings 'freeslike útdrukkings'*:

\*'Dat is my in *toarn yn it each*': Dat is my in stikel yn 'e foet; Dat is my (slim) yn 'e wei; Dat waakst my yn 'e eagen.

\*'Ik haw him moai *te grazen nommen*': Ik haw him moai by 't fuotsje hân/krige/nommen; te fiter hân; foar 't lapke holden/hân; foar de kroade riden; yn 'e pet lutsen; by 't poatsje nommen; foar 't soaltsje hân; te pakken nommen.